



Struibrief



Oan de leden fan de Fryske Krite "Meiinoar Ien" fan Hurderwyk e.o.

- De lêste -

- De Fryske Krite "Meiinoar Ien" – 45 jier 'jong' yn 2024.

Yn de jiergearkomste fan 18 novimber 2023 yn de Reinbôgetsjerke is it beslút troch de oanwêzigen yn mearderheid nommen om 9 maart 2024 te stoppen as Fryske Krite "Meiinoar Ien" fan Hurderwyk en omkrite.

Fan de foarsitter

Bêste Kriteleden,

Spitich, mar dochs wier!!!

It is it lêste stikje fan my as foarsitter en ek in bytsje fan it bestjoer. As ik werom sjoch, bin ik dochs wol wat weemoedich. Wat ha wy moaie gearkomsten hân. It wie eltse kear wer in feest om by elkoar te kommen foar in toanielstik, foar sjongen, kabaret, ensfh. It moetsjen fan elkoar en in praatsje by de doar, it die o sa goed. Wy as bestjoer, en ik persoanlik, ha it tige wurdearre dat jim as leden sa trou kamen en entûsjast wiene. Sûnder jim stipe en meitinken hienen wy nea sokke gesellige jûnen hân. En no is it dan sawat foarby. De lêste middei stiet foar de doar. Mar hawar, wy meitsje der mei elkoar in hiel moai ôfskie fan. En Griet Wiersma en Piter Wilkens sille ús dêrby helpe. It wurdt grif in feestlike middei, mei in protte sjonge en muzyk. Dat is Griet en Piter wol tabetroud.

Ek fiere wy dat ús Krite hjoed 45 jier bestiet. It binne goede jierren west. Dat is ek in feestje wurdich. Dêrom hoop ik dat jimme in prachtige middei ha. Genietsje dizze middei, wy dogge it ek!

Lêze dizze lêste struibrief wol goed troch. De ynformaasje docht der ta!

Ik winskje eltsenien in noflike middei en foar de takomst, sûnens en goede jierren. Wy komme elkoar fêst noch wolris tsjin.

Mei út namme fan it bestjoer,
Grytsje, jim foarsitter

UTNUGING KRITEMIDDEI

Sneon 9 maart 2024

Ynrin: 14.30 oere

plak: de Kiekmure, Tesselschadelaan 1, Hurderwyk
Yntrepriis: € 5,00 it kritelid - € 10,00 foar in net-kritelid

Yn de seal stiet kofje/tee en oranjekoeke klear : fergees....

It bestjoer soarget foar prizen foar de ferlotting

Om 15.00 oere dizze middei noch ien kear ferslach fan skriuwer, ponghâlder
en rekkenopnimmers.

15.30 oere: Griet Wiersma en Piter Wilkens

Yn 't skoft: Kofje en tee yn 'e seal: fergees – oare konsumpsjes, foar eigen rekken, oan de
bar yn de hal.

Lotferkeap - € 5,00 it slúfke – foar elk in prys!

Nei ôfrin nimt elk syn/har pryske mei nei hûs

- **Hjirûnder taheakke** : it ferslach fan de Ledegearkomste fan 18 novimber 2023.
- **Utstel** : tastimming foar it dielen fan e-mailadressen nei inoar
en buor-kriten (Swol, Apeldoarn, Lelystâd en Utert/Seist)

Ferslach fan de jierlikse ledegearkomste op 18 novimber 2023.

In bysûndere ledegearkomste - de lêste fan de Fryske krite "Meiinoar Ien".

Fanôf 14.30 oere stroomt de seal fan it tsjerklik sintrum De Regenboog yn Hurderwyk fol.
Mei kofje, tee en in stikje oranjekoeke siket elts in plakje. It is in noflik gerûs fan leden dy't
inoar wer yn 'e memmetaal begroetsje.

1. Iepening en wolkom.

Om klokslag 15.30 oere iepent Grytsje de jiergearkomste en hjit alle 49 oanwêzige
leden fan herte wolkom. It bestjoer is tige ynnaam mei dizze grutte opkomst, dat is
noch nea earder bard. Fan 10 leden is berjocht fan behindering binnen kaam.

2. De ferskate ferslaggen fan de skriuwster.

Dy binne ynoarder, gjin opmerkingen. Siska wurdt mei applaus bedanke foar it
skriuwwurk.

3. Sinteraasje, ferslach fan de ponghâlder.

Dat is ek ynoarder, gjin opmerkingen. Durk wurdt mei applaus bedanke foar syn tûke
jildbehear.

4. Taljochting fan de rekkenopnimmers.

Klaske van Hoeij is ôfwêzich, Sieds Tilstra nimt it wurd. Foarôfgeande oan it
trochnimmen fan de boeken hie Durk alles al digitaal nei Klaske en Sieds stjoerd. Yn

augustus binne sy by Durk op besite west. Op de fragen dy't steld binne hie Durk in helder antwurd. Koartsein; neat op oan te merken. Sieds freget de leden dan ek om it bestjoer desjartzje te ferlienen. Dat wurdt mei applaus dien.

5. **Opheffen fan de krite, taljochting en paad fan opheffen.**

Grytsje fertelt dat it bestjoer besletten hat om de Fryske krite “Meiinoar Ien” op te heffen omdat it yn twa jier tiid net slagge is om nije bestjoersleden te finen. Mei hânopstekken freget Grytsje oan de leden om dit beslút te bekrêftigjen. Mei 47 hannen yn'e loft is dit it gefal. Ien lid stimt tsjin en ien lid ûnthâldt syn stim. Dêrmei is it beslút fallen, want mear as de helte fan it oantal leden (77) is oanwêzich op dizze gearkomste. Op 27 jannewaris en 9 maart 2024 binne de lêste kritermiddeis.

6. **Beneaming rekkenopnimbers foar de lêste kontrôle.**

De leden gean akkoard mei it útstel fan it bestjoer om dit noch in kear oan Klaske en Sieds ta te betrouwen. Dat wurdt mei applaus dien.

7. **Omfreegjen.**

- Grytsje fertelt oer de mooglikheid om lid te wurden fan oare kriteren yn de omkriten fan Hurderwyk. De kriteren fan Apeldoorn, Utert/Seist, Hilversum, Lelystêd en Swol sette de doaren iepen foar elts dy't komme wol.
- Andrea Froma freget it wurd en sprekt har wurdearring út foar de ynspannings fan it bestjoer foar de krite.
“Wat ha wy fan moaie jûnen, middeis en oare aktiviteiten genietsje kinnen”.
Faaks wurdt it wurk dat hjirfoar dien wurde moat net sjoen, mar troch it no te beneamen heakje de leden oan mei in grut dankewol applaus foar it bestjoer.
- Andrea freget ek at der in mooglikheid is om de e-mailadressen fan de leden meiinoar te dielen. Dit yn gefal at der leden binne dy't op eigen inisjatyf in aktiviteit organisearje wolle. Dat kin, mar de bestjoersleden sille hjir gjin aksje op ûndernimme. Kees jout oan dat hy it **dielen fan de e-mailadressen** yn de nijsbrief fan jannewaris 2024 útstelle sil. Fanwege de AVG kin dit **net sûnder tastimming fan de leden. Gjin reaksje betsjut: Akkoart!**
- Johannes de Kroon nimt dêrnei de mikrofoan en fertelt dat hy noch wat kwyt wol. Yn in taske fan de Friezedei 2013 (in kollektors-item neffens Johannes) sit in tromke mei jild. Jild dat hy yn behear hie fan de boeketafel. It bedrach fan € 56.50 oerlanget Johannes oan Durk.
- Grytsje docht it útstel om fan it jild dat mooglik oerbliuwt meiinoar noch in kear by Dries van den Berg út iten te gean. Mar de leden wurde ek útnoege om sels mei ideeën te kommen. Nim yn dat gefal kontakt op mei de skriuwster.

Nei it omfreegjen slút Grytsje de saaklike gearkomst mei it gedicht: **Feroarje.**

*“Wy binne noch sa bêst”,
Dat seine pake en beppe.
Har dochter moast foar har mar net
om plak yn 't rêsthûs skreppe.*

*Sa gie it tritich jier ferlyn,
ús mem siet dêr dus middenyn.
"Ik wenje hjir sa moai"
is no ús mem har sechje.
Al wit se fan myn soarch om har,
se komt mei dit ferlechje.
Ik tink oan tritich jier ferlyn
en sjoch itselde byld deryn.
't Patroan werhellet him,
troch generaasjes hinne.
Feroarje? Net ast âlder wurdst,
't moast moai sa bliuwe kinne.
Ik tink oan wat ik sizze kin
As ik oait oer de tachtich bin.....*

fan Grytsje Kingma út 'Tuzen Dagen'

It ferfolch fan dizze kritemiddei ferrint tige noflik mei it optreden fan Mick en Sugar, Frysk byldbingo en in hearlik stampopotbuffet. It wie tige by tige allegear.

Siska van der Beek, 19-11-2023

Om it beslút ta ûntbining fan de Fryske Krite 'Meiinoar Ien' offisjeel te meitsjen, sette de foarsitter en de skriuwer de hân op dizze dei ûnder boppesteand jierferslach fan de skriuwer nei ynstimming fan de gearkomste.

Foar it ôfsluten fan de Jiersifers sette de rekkenopnimmers harren hân – sy bringe 9 maart ferslach út.

De ophefdatum sil 3 april wurde – nei 9 maart nimt it bestjoer de tiid om alles ree te meitsjen om by de Keamer fan Keaphannel (KvK) binnen 14 dagen nei opheffingsdatum de stikken yn te leverjen.



Kees sprekt oan de ein fan de middei it Slotwurd

Ut de jiersifers docht bliken, dat wy oan de ein fan it krite-bestean noch jild oer hawwe. It bestjoer stelt út om in part dat jild te brûken foar in itentsje by in fertroud adres foar ús kriteleden – jierrenlang in fêste stiper mei in advertinsje yn ús moaie kriteblêd :



Dries van den Berg & Zn

*9 maart is bekend wannear en hoe let wy dêr terjochte kinne.
Dan kinne jimme oanjaan of jimme dêr ek hinne geane – yntekenlist leit dan klear.
Oan de ein fan dat itentsje betellet elk foar him/harsels en krijt fan dat Krite-oerskot,
ferparte oer it tal dielnimmers, koarting op syn/har rekken.*